

Les 1

1.1. Stavering

Te brûken middels:

- Dijkstra F.B., *Stavering*, Ljouwert: Afûk, 2003⁵ (of letter)
- Haan, R. de, *Mei freonlike groetnis. Skriuwwizer mei stekwurden en foarbylden*. Fryske Akademy, 1995 (of letter)
- Oosterhaven, B., *Nije list fan frjemde wurden*, Ljouwert: Fryske Akademy, 2000² (of letter)
- Zantema, J.W., *Frysk Wurdboek, F-N, dl. I.*, Drachten/Ljouwert: Fryske Akademy/Osinga, 1984 (of letter)

Oanrikkemantearre:

- *De Fryske TaalHelp (Windows CD-ROM)*, Fryske Akademy/Polderland, 2004; in kombinaasje fan *staveringskontrôle* en *wurdboek* (60.000 wurden), oantsjutting foarkarstavering, ynformaasje oer betiizjende wurden (systeemeasken: Windows 2000/2003 of Windows XP, Office 2000/2003 of Office XP).

1.1.1. Staveringsopdracht

Besykje om sûnder helpmiddels de neikommende wurden goed te staverjen troch de folgjende letters (bylûden) yn te foljen: *f/v; s/z; sj/zj; fj/vj*:

- | | |
|-----------------|-------------------------|
| 1. ...ideo | 6. pro...int |
| 2. ...alide | 7. ...oernalist |
| 3. yn...alide | 8. fa...e |
| 4. tille...yzje | 9. re...er...e-apparaat |
| 5. re...u | 10. fertrêd...e |

As der in pear flaters yn sitte, pak dan it earste haadstik fan *Stavering* derby en lês dat noch efkes troch. Ferbetterje de flaters.

1.1.2. Staveringsregels

Yn it Frysk jilde de folgjende regels:

- Oan it begjin fan in wurd wurdt de *v* altyd stavere as *f*: *fentilator, faksin, foljêre, fisy, fariant*.
- It twadde part fan in gearstalling dat mei in *v* begjint, wurdt ek mei *f* stavere: *autofentilator, grypfaksin, aidsfirus*.
- Yn ôfliedings bliuwt de *v* almeast stean: *ynvalide, yntervokaal, ultraviolet, adverbium*.
- Yn ôfliedings mei in foarheaksel dy't in keppelteken krije, bliuwt de *f* stean: *eks-ferhuzer, vice-foarsitter* [myn kar is dochs: *fise-foarsitter*]. Ut dat lêste foarbyld docht bliken dat tige (fak)spesjalistysk Latyn en Italjaansk almeast net oanpast wurdt: *a capella, cum laude, in casu, sic, vice-*.
- De *c*, útspraak [s] wurdt stavere mei in *s*: *selebrearje, selibaat*.
- De *sedille* (ç) wurdt stavere as *s*: *fasade, fasonnee* (= tekstyl mei ynweve patroanen).
- De kombinaasje *ch*, dy't útsprutsen wurdt as [sj], wurdt stavere neffens de útspraak: *sjampanje, sjantaazje, sjarzje, sjef*.
- De kombinaasje *ci, ti* en *si*, útspraak [sj] wurdt stavere as *sj*: *sosjaal, addisjoneel, diskusjearje*.
- De wurden dy't útgeane op *-cie* en *-tie* (sûnder klam) wurde stavere as *-sje*: *provinsje, organisaasje*. Wurden op *-sie* kinne, al neffens de útspraak, *-sje* of *-zje* krije: *kommisje, divyzje*.
- De *g*, útsprutsen as [zj], wurdt stavere as *zj*: *enerzjyk, marzjinaal, ranzjearje*. Neffens dy regel wurde ek de wurdeinen *-ge* en *-gie*, útspraak [zjə] en [zji], stavere as *-zje* en *-zjy*: *blamaazje, fitraazje, bûzjy, enerzjy*.
- Oan it begjin fan in wurd wurdt [zj] út soarte ta *sj*: *sjelantine, sjelei, sjenant*.
- Yn *bourgeois* wurdt *-ge-* ta *z* om't de *j* foar in [w] net skreaun wurdt yn it Frysk: *boerzois*.

Opmerking: Yn de twadde printinge fan de *Nije list fan frjemde wurden* is it tal opmerkings by de haadregel útwreide fan 3 ta 4 (s. 9). Nij is de opmerking: 'Wurden út oare talen as Frânsk en Ingelsk/Amerikaansk is gjin offisjele regel foar. Dochs is it oan te rieden om ek wat dy wurden oanbelanget de regeling ta te passen sa't dy foar wurden fan Ingelsk/Amerikaansk komôf jildt.' D.w.s. se meie oanpast wurde oan it Fryske staveringsstelsje foar net-frjemde wurden, mar as dat in *frjemd* en *ûneigen* wurdbyld opsmyt, is it better en hâld de oarspronklike stavering oan.

1.1.3. Staveringsopdracht

Folje no thús, sûnder boarnen, de folgjende letters yn: *f/v; s/z; sj/zj; fj/vj*:

- | | |
|-----------------|-------------------|
| 1. ...oltii...e | 5. ad...ertii...e |
| 2. long...olume | 6. yn...entaris |
| 3. yn...er...e | 7. ynter...in...e |
| 4. re...y...e | 8. de...aluaasje |

9. re...alidearje	18. boer...oisy
10. ...itaat	19. offi...eel
11. ...ivyl	20. na...onale
12. kli...ee	21. ôfsto...e
13. kollee...e	22. swee...e
14. manee...e	23. fidú...e
15. re...y	24. kollek...e
16. strate...y	25. presy...e
17. ...eny	26. konver...e

De goede foarmen binne almeast te finen yn de *Nije list fan frjemde wurden* of yn it wurdboek. As jo (efterôf) net wis binne fan de goede foarm, sykje dy dan efkes op.

1.2. Tiidwurden

Learmiddels:

- Eisma, D. en J. Popkema, *Tiidwurden*. Ljouwert: Afûk, 2002⁷ (of letter)
- Hoekema, T., *Beknopte Friese vormleer*. Ljouwert: Afûk, 1996 (of letter)

1.2.1. Tiidwurde-opdracht

De bûging fan tiidwurden stiet yn *Tiidwurden*, par. 3, s. 15-21. Lês s. 9-14 ek troch.

Ferbûgje ris in pear swakke tiidwurden mei regelmjittige bûging dêr't de nammefoarm (ynfinityf) fan op *-e* útgiet, bygelyks *bakke* en *heine* (notiid, doetiid, it ôfslutend en fuortsettend mulwurd). Doch datselde ris mei in pear tiidwurden dy't op *-je* útgeane, bygelyks *arbeidzje* en *wachtsje*.

As dat noch swierrichheden jout, pak dan *Tiidwurden* der efkes by (s. 17-19).

Ferbûgje no ris *pinigje* en *einigje*. Pak, as jo klear binne, side 18 en 19 fan *Tiidwurden* derby. Hokfoar ferbûging hawwe jo foar kar nommen? Hokfoar (standert)noarm kin men it bêste oanhâlde en wêrom?

Tink om de *hjittende foarm* of *ymperatyf*. Dy hat de foarm fan de earste persoan iental; by de e-tiidwurden (bgl. *hâlde*) troch de *stam* en by de je-tiidwurden (bgl. *wachtsje*) troch de *ynfinityffoarm*: (ik) *hâld op!*, (ik) *wachtsje* efkes! By *harkje* komt sawol *harkje!* as *hark!* foar. De ynfinityffoarm wurdt ek brûkt foar in gebod of befel lykas: *Hjir komme!* *Stean bliuwe!* *Utknippe dy foto!*

Ezelsbrêge: as men der *do* (*jo/jimme*) efter tinkt, dan hat men de goede foarm: *Trochrinne* (do)!, ite (do)!, *wachtsje* (do)! Wat is der oan de hân as ien seit (of skriuwt): **Waskesto* ris efkes ôf! **Rinsto* dêr mar gau hinne! Wa soe sa'n flater meitsje kinne? In * jout oan dat in foarbyld gjin (goed) Frysk is en dus mijd wurde moat.

Sjoch fierder *Tiidwurden*, side 11 en 12. Lês thús de siden 7-14 fan *Tiidwurden* troch.

1.3. Taalregels en taaleigen

Omdat J.K. Dykstra syn *Op 't aljemint* (Ljouwert: Afûk, 1978) frijwol net mear te besetten is (útferkocht) en T. Hoekema syn *Kurze Fomenlehre des Westerlauwersk Frysk* (Kiel, 1992) ûnderwilens in Hollânsktalige wjergader krigen hat, brûke wy tenei de neikommende learmiddels njonken de boppe al neamde *Nije list fan frjemde wurden* en it *Frysk Wurdboek F-N*:

- Haan, R. de, *Mei freonlike groetnis. Skriuwwizer mei stekwurden en foarbylden*. Ljouwert: Fryske Akademy, 1995 (of letter)
- Haan, R. de, *Wurdlist foar it offisjele ferkear*. Ljouwert: Taalburo Fryske Akademy, 1989
- Hoekema, T., *Beknopte Friese vormleer*. Ljouwert: Afûk, 1996 (of letter)
- Visser, W., *Frysk Wurdboek N-F, dl. II*. Ljouwert: FA/Osinga, 1985 (of letter)

Dykstra syn *Op 't aljemint* en Hoekema syn *Kurze Formenlehre* binne brûkt yn de earste opset fan dizze skriuwkursus yn 1994 by meiwurkers fan de Fryske Akademy. Wy helje yn de kommende lessen ûnder it kopke *griemank* allinnich noch wichtich idioom út *Op 't aljemint*. In seleksje dus.

1.3.1. Opdracht taaleigen en taalregels út *Mei freonlike groetnis*

Foar dizze skriuwkursus haw ik it - neffens my - nijsgjirrichste en wichtichste idioom út *Mei freonlike groetnis* helle en in plakje jûn. Dat jildt ek foar beskate staverings- en taalregels.

Lês de siden 9-25 fan it alfabetyske part fan *Mei freonlike groetnis* troch. Jou spesjaal omtinken oan:

- *aksinten*: mandélich, léger; héech (lang lûd), òf, èn (koart lûd), méist, sóest (ôfgeand twalûd), koart, fuòrt (opgeand twalûd).
- *Apostrof* (in *weilittingsteken*): oan 't (spaaasje! Mar: *oant* sjen), yn 't (spaaasje) spier; om't (gjin spaaasje); hoe't (gjin spaaasje), wêr't (gjin spaaasje), a's, cd's, ja-mar's, FNP'er, twa s'n, bh'ke, de jierren '90, 'k Woe dat net; twadde namfal: Kristus' dea, Postmus' pleats, pake' pong, Jelte' Gryt.
- *as* en *dan*: fergrutsjende trep: moaier *as*, like moai *as*; hy is grutter *as ik* [bin] (is: *as my/him/har* ferkeard?) (ferl. ek it Dútsk dat 'als' hat. Yn it Hollânsk wurdt almeast *dan* brûkt en dat liedt ta flaters yn it Frysk!)
- *as*, *of*, *oft*: *as* (Holl.: *als*, *dan*, *indien*); *of* tusken lykweardige sinnen, *oft* as ynliding fan de bysin. It brûken fan *at* komt ek foar. WB-I seit dêrfan: 'In spreektaal en soms in schrijftaal voor *as*, *oft*.' Soks jout betizing. It makket it learen fan de goede foarms ûnnedich lestich. Mei *as* en *oft* as standertfoarms kin men jin ommers skoan rêde. *At* kin sadwaande mar better mijd wurde yn teksten.
- *barbarismen* of *ynterferinsjes*: anglisismen: (in *wol sizze dat it taalgebrûk ferkeard is) *Jo fleane KLM (mei de KLM), *as regel (yn de regel); germanismen: *earstens (foarst, yn 't foarste plak), *middels (troch), *planmjittich (neffens plan); hollanismen (hollânismen): *myn heit (ús heit), *folle minsken (in protte, soad minsken), gallisismen: *djoer kostje (djoer wêze, in soad kostje).
- *beide(n)*; ferl. ek: Jan Renkema syn *Schrijfwijzer* (Den Haag: Sdu Uitgevers, 2002 [4^{de} edysje] of letter):
 - *gjin -n* by ferwizing nei *saken*: Bist dy twa disketten kwyf? Nee, *beide* lizze hjir;
 - *soms* in *-n* as der ferwiisd wurdt nei *persoanen*: Wy (jimme, hja) dogge dat mei ús (jimme, har) *beiden*; Abe en Jehan fuotbalje al lang net mear, mar *beide* (fuotballers) binne noch tige ferneamd (in wurd út deselde sin is yn te foljen); Durk en Lammert wiene der ek. Elts ken dy *beiden* wol (ferwizing nei in oare sin).
- *breuken*: ien achtste (haad- + rangtelwurd), fiif trije sande (twa haadw. + rangtelw.; mar: trijekwart), twatredde mearderheid (eigenskiplik brûkt), seis ienfiifde side (eigenskiplik brûkt).
- *de oanhef fan brieven*: *Achte* bestjoer; *Achte* kolleezje! Wêrom dy *e* efter 'achte' en net *Acht bestjoer/kolleezje? Antw.: *Achte* is in bûgingsfoarm fan in *je*-tiidwurd (in 'deelwoord' of *mulwurd*) en dat einiget op in *-e*: It bestjoer/it kolleezje wurdt tige *achte* (sjoch ek s. 18 fan *Tiidwurden*).

Meitsje oantekeningen fan oare saken út de siden 9-25 fan *Mei freonlike groetnis* dy't jo nuttich en brûkber achtsje foar jo wurk en lês dy letter sa út en troch nochris troch.

1.3.2. Meartalsfoarming

It is in algemiene regel dat de meartalsútgongen fan haadwurden yn it Frysk *-en* en *-s* binne. Foar it Hollânsk jildt deselde grûnregel.

1. De meartalsfoarmen yn it Frysk komme gauris oerien mei dy yn it Hollânsk. It meartal fan wurden as *ding*, *skoalle*, *maatskippij* sil dêrom wol gjin swierrichheden jaan.

Regels:

- Wurden mei ien wurdlied (ding) krije *-en*: *dingen*, *fletten*, [wyk-]*einen*
- Wurden dy't útgeane op *-e* (skoalle) krije *-[e]n*: *skoallen*, *molen* (sj. ek De Haan, 'Mei freonlike groetnis', s. 79!)
- Wurden mei mear wurdlieden en de klam op it lêste wurdlied (maatskippij) krije *-en*: *maatskippijen*, *ferhalen*.
- Wurden as *leppel*, *biezem*, *rekken*, *bjinder*, *klinkert*, *rintenier* hawwe wurdeinen dêr't yn it meartal in *-s* efter moat: *leppels*, *biezems*, ensfh.
- Alle ferlytsingswurden (*dinkje*) krije in *-s*: *dinkjes*.
- Wurden dy't op it lêste wurdlied gjin klam krije (*garaazje*) krije in *-s*: *garaazjes*, *stúdzjes*. Mei in oar *lûd* as de [ə] is dat ek it gefal: *auto's*, *nota's*, *goeroes*, *jierdeis*.

2. Hoe sit dat no by wurden as *sykte*, *binde*, *gemeente*, *masine*, *fitamine*, *prinsipe*? It Hollânsk hat by dy wurden de kar út de útgongen *-s* en *-en*. Omdat in protte Hollânsktaligen de *n* fan de meartalsútgong *-en* net útsprekke (kinne?), soe har meartal net mear te ûnderskieden wêze fan har iental. Se brûke dan ornaris de útgong op *-s*. Yn it Frysk mei dat yn de regel net; de útgong moat *-en* wêze: *sykten*, *binden*, *gemeenten*, *masinen*, *fitaminen*, *prinsipen*. Inkelde oare foarbylden dy't neffens de grûnregel in *-n* hawwe moatte, binne: *analyzen*, *attituden*, *besiten*, *boaden*, *boeten*,

detektiven, enkêten, fakatueren, fedetten, finalen, formulen, gûnen, halten, holten, hollen, kassetten, kollekten, karriêren, kazernen, kontrôlen, lakunen, maketten, molen, offerten, prognoazen, rûten, saladen, taalkunden, typen.

Yn it wurdboek (WB-I) sille jo bytiden lykwols ek: *syktes, bindes, masines, fitamines* en *prinsipes* tsjinkomme. Dat is tsjin te grûnregel. Besykje om dy foarms te mijen. Benammen frjemde wurden dy't oer it Hollânsk liend wurde en wurden dy't yn it Frysk en Hollânsk gelyk binne, hawwe te lijen fan it opkringen fan it *s*-meartal.

3. Wurden op *-ing* krije yn it Hollânsk de meartalsútging *-en*. Se kinne yn it Frysk de útging *-en* of *-s* krije: *ferienings/ferieningen; hjerrings/hjerringen; ferklearrings/ferklearringen; regelings/regelingen; ferkavelings/ferkavelingen*. Benammen yn it easten fan de provinsje komt de útging op *-s* foar. Wêrom soe de útging op *-s* de foarkar as standert(noarm) fertsjinje?

4. Wurden op *-lm* of *-rm* krije yn it Hollânsk de meartalsútging *-en*. Yn it Frysk kinne se de útging *-en* of *-s* krije: *earms/earmen, psalms/psalmen, terms/termen*. Hokfoar útging soe de foarkar as standert(noarm) fertsjinje?

5. It Frysk hat in mannich wurden dat fan de grûnregel ôfwykt. Wurden as *learzen(s)* (*fan lears*), *boeien(s)* (*fan boei*), *redens* (*fan reed*), *treppen(s)* (*fan trep*), *gebeden(s)* (*fan gebed*), *geboaden(s)* (*fan gebod*) hawwe mei de *-s* deroan fêst in *dûbeld* meartal: *learzens* (njonken *learzen*), ensfh.

6. By frjemde wurden op *-or*, lykas *motor, professor* hat it Hollânsk gauris njonken in meartal op *-s* in meartal op *-en*, mei rekking fan de *o* yn *motoren, professoren*. Yn it Frysk wurdt yn sokke wurden mei *-or* yn de útspraak redusearre ta *-er*: *moter*. Yn wurdliiden sûnder klam is dat gewoan. It meartal is dan neffens de grûnregel: *moters, menters*. It wurdboek brûkt allinnich wurden mei de *folle* foarm. It Fryske meartal is dan *motors, mentors*. Mei it frjemde wurd wurdt troch Fryskpraters en -skriuwers ek gauris it Hollânske meartal oernommen: *motoaren, professoaren, mentoaren*. Besykje om dat te mijen.

1.3.3. Opdracht

1. Sykje yn it wurdboek it meartal op fan *pake* en *beppe*? Wat achtsje jo de bêste standertfoarm en wêrom?

2. Hoe sit it mei wurden dy't útgeane op *-ling*: *learling, âlderling, twilling, nijeling, flechtling, sindeling, sûnderling, ynkommeling, frjemdling, bekearling, [tsjilling]*? Pak it wurdboek der nochris by en besykje om dêrnei de regel ôf te lieden. Binne der ek wer útsûnderings?

3. Wat soene jo as foarkarfariant kieze by wurden as *ferklearring* en *tsjilling* as jo it Frysk standerdisearje moasten? Hokfoar motyf spilet dêryn mei? En wat dogge jo by *flechtling* en *fiipling*? Wat is de foarkarsfoarm dy't yn dizze les brûkt wurdt?

4. Sykje de meartalsfoarmen fan *stoarm* en *helm* ris op. Hokfoar (standert)foarm soene jo yn jo teksten brûke wolle foar sokke wurden? Wêrom? Of dochs mar sûnder regel of stjoering trochinoar brûke?

5. Wat is it meartal fan *bern, skiep, ko* en *dei*? Komt dat oerien mei de grûnregel?

6. As *treppens* meartal is, wat is dan it iental? En as *treppen* meartal is, wat is dan it iental?

As *wolkens* meartal is, wat is dan it iental? Hokfoar trije of fjouwer foarms kinne iental wêze (eventueel it wurdboek brûke)?

7. Sykje it meartal ris op fan haadwurden dy't útgeane op *-fol*: *leppelfol, weinfo, hanfol, busfol, skriffol, kroadfol*. By it efterheaksel *-fol* sykje. Hoe is dat yn it Hollânsk? Yn it *Omkearwurdboek fan de Fryske taal* (útjûn troch de Fryske Akademy) binne noch mear foarbylden te finen.

8. Wat falt op by it meartal fan *daam, kaam, rô, hân, lân, hûs, lûs* (eventueel opsykje)? Hoe is dat yn it Hollânsk?

9. Wat is it meartal fan *skip, smid, skot, slot, gat, fer-/bedrach, (fer-/oan-/om-/ta-/út-)slach, oarloch* (eventueel opsykje)? Ferlykje wer mei it Hollânsk. Hokfoar meartallen kin *lid* hawwe? Wat is it ferskil yn betsjutting tusken beide meartallen?

10. Wat is neffens it wurdboek it meartal fan: *dokter, doktor, radiator, eksaminator, perforator, kurator, fertilator, professor* (sjoch it *omkearwurdboek* foar mear foarbylden). De *Nije list fan frjemde wurden* (1993, 2000²) jout spitigernôch gjin meartal. Wat liket jo de gaadlikste Fryske standertfoarm ta? Wêrom?

1.3.4. Griemmank út *Op 't aljemint of oare boarnen*

Yn *Op 't aljemint* binne yn alfabetyske folchoarder in hûndert of wat wurden opnommen, dêr't, as oan kapstokken, taaleigen oan ophongen is. Yn *griemmank* jouwe wy ekstra omtinken oan taaleigen út *Op 't aljemint* dêr't wy fan tinke dat it gaadlik is foar de doelgroep. Yn guon gefallen wriedzje wy dat út mei oare ynformaasje en mei fragen (fakentiids standerdisaasje fragen). Lês ús griemmank thús ris troch en markearje wat jo noch net eigen is. Problemen kinne wer op de les nei foaren brocht wurde.

Al, allen, aller, alder-

Al, bywurd: Dat liket my al sa goed ta (= better). Ik woe al sa leaf mar thús bliuwe (= leaver). Alde manlju krije alfolle in keale plasse ('veelal', ornaris). Akademye meiwurkers skriuwe *almeast* goede boeken (= meastal). *Alear(en)* moat hjir in levertraanfabryk west hawwe. *Alle*geduerigen komt er te let op syn wurk (= hieltyd). En *altemets* komt er op 'e tiid (= út en troch, no en dan, fan en ta). Hasto *altemets* in erfskip krige (= miskien, faaks, by gefal)?

Al, telwurd: Wy/jimme koene it mei *ús/jim allen* net klear krije (nèt mei **syn* allen!). Der wie ûnder *allen* mar ien dy't it koe. Us nije meiwurker is yn *allen* sa geskikt wol as syn foargonger. Dat ding wie wol djoer, mar wy binne der yn alle gefallen net mei bekocht (Holl: 'in alle geval', 'in elk geval').

Allen komt *eigenskiplik* foar yn *te allen tide*, *selsstannich* nei in ferhâldingswurd ('voorzetsel') yn *net ien fan ús allen*, *mei ús/jim/har allen* (= 'met z'n allen'), yn *allen* (= 'over het geheel').

Aller wurdt allinnich brûkt as selsstannige en eigenskiplike twadde namfal meartal, bgl. *it is aller (Friezen) winsk* (ferl. foar it brûken fan *al, alle, alle gearre, allen, aller, alles* ek de *Beknopte Friese vormleer*, s. 20 en 21).

Ofliedings binne: *aldergeloks, alderlei, almeast, alderslimst, alderraarst, alderhanne*. It Frysk wurdboek, dl. I, 1984 (tenei: WB-I) jout de foarms *allerhanne* en *allerhande*. It Frysk wurdboek, dl. II, 1985 (tenei: WB-II) jout *alderhande* en *alderhanne*. Wat is ûnderwiiskundich en ferlike mei oare ôfliedings dy't op deselde wize begjinne, de bêste standertfariant? Spilet der ek in ideologysk motyf (it distânsjemotyf) mei?

amerij

'Ieder ogenblik/alle ogenblikken' is it bêste oer te setten mei: *alle amerijen*. Wat tinkt jo fan: *alle stuiten* en *elts momint*?

as

Ljouwert is moaier *as* Lelystêd. Nei in *fergrutsjende* trep hat it Frysk *as*, it Hollânsk almeast '*dan*'! '*Alsof*' kin oersetten wurde mei *as* en *oft*. Hy docht, *oft* it him neat skele kin. Hy sjocht, *as* koe it him neat skele. Wat falt der te oersetten fan de wurdskikking yn beide foarbylden? By it brûken fan *as* hat it Frysk de *doetiid* tige hiem. Ynstee fan *as* en *oft* kin ek 'beare' brûkt wurde: Hy *bearde* dat it him neat skele koe. Wy dogge mar *sabeare* (= 'we doen maar alsof'). Twa kear efterinoar as ('as as') wurdt yn it Frysk ornaris mijd nei in *fergrutsjende* trep: As amtner hawwe de lju him heger *dan as* minske; Hy fertsjinnet as wittenskiplik meiwurker mear *dan as* ûnderwizer. Hy kin it (*no*) *noch* (= 'alsnog') opstjoere.

baarne

Njonken *baarne* besteane yn it Frysk ek *barne* en *brâne*. Hokfoar (standert)foarm soene jo kieze foar jo teksten? Wêrom?

bang

It is fan belang it ferskil tusken *bang fan* en *bang foar* goed yn acht te nimmen yn teksten. As men *bang* is *fan* eat (swier waar, hûnen, rûzje) dan is men 'bevreesd voor, afkerig fan'. It is dan suver in eigenskip fan de sprekker: hy moat der oer it generaal neat fan hawwe. As men *bang* is *foar* swier waar, rûzje, de eigen sûnens, it eksamen, it yn 'e skuld reitsjen, dan is men 'bevreesd dat iets zal gebeuren', dat der (aanst) wat ferfelends barre sil, dat jin (aanst) wat oer komme sil. De beide betsjuttings wurde gauris trochinoar helle. Besykje om se útinoar te hâlden.

bankje

It is: Hja koene dêr net bankje (it net úthâlde). En nèt: *Hja koene *it* dêr net bankje.

bargje

Aardige synonymen binne: *grieme, smjirkje, smoargje, smoarkje, rûgelje* (benammen mei droege, lichte stoffen). Grieme mei wetter: *bjuzje, motsje, muozje, puozje*. Grieme by 't iten: *slanterje*. Grieme by 't drinken: *poeie*.

bedarje

Bedarje hat twa betsjuttings: (1) jin *bedimje*: Bedarje dy wat (kalm wurde)! en (2) *telâne komme*, belânje: Wêr binne myn skuon bedarre (keard)?

bedobje

Bedobje wol sizze 'begrave', wylst *bestopje* yn it Hollânsk 'toedekken' betsjut, d.w.s. min ofte mear ôfslute fan de sigen, wyn, kjeld, froast (lucht).

bedrage

It mulwurd yn: Hy hat my *bedragen*, wol sizze: hy hat my net earlik behannele (= 'bedrogen'). Dy jas is al tige *bedroegen*, wol sizzen: hy is fan it dragen al tige skurf wurden. De kosten hawwe hûndert euro *bedroegen*, betsjut dat de kosten hûndert euro wiene. De ynfinityf is yn alle gefallen: *bedrage* (sjoch ek *Tiidwurden*, s. 35 en s. 39 [*drage*]).

begjinne

It Hollânske 'beginnen' kin yn it Frysk oersetten wurde mei: *begjinne, út ein, fan ('e) ein gean, sette, komme, fan 'e streek gean*. 'Begjinne' is al in hiel âld Frysk wurd en hoecht dus net mijd te wurden omdat it in hollânisme wêze soe. Stilistyske ôfwikseling kin it (sometiden) nedich meitsje om ek oare farianten te brûken. *Ut ein sette* (it WB-I skriuwt de wurden los faninoar) kin it tiidwurd 'begjinne' net altyd ferfange. Nimmen seit: *Hy set njonkelytsen *út ein* (om) âld te wurden. Mar der is neat op tsjin om yn in oar gefal te sizzen: Wy sette *út ein* mei in stikje muzyk (yn stee fan *begjinne*).

behindich

In behindich mantsje is gjin 'behendig mannetje', mar in mantsje dat 'klein en tenger' is. 'Wat *behindich* útlizze' is 'mei gjin wurd tefolle of te slim útlizze', 'koart om 'e hoeke gean'. Foar 'behendig' brûke wy: handich, hânsum, linich, fluch, feardich, snjiddich, tûk: Dat probleem hat er *handich* oplost; Dat is in *linich* mantsje.

belangryk

De WB-I en II neame it wurd beide. Hoekema neamt *belangryk* in daverjend hollânisme. Yn it wurdboek fan Waling Dykstra is it ek net te finen. As it heal kin, dan soe oan *wichtich* mar de foarkar jûn wurde moatte. *Wichtich* kin ek net as in purisme beskôge wurde. Allinnich út reden fan styl soe *belangryk* út en troch brûkt wurde kinne. Bytiden kin men ek wol skriuwe: It is fan belang dat ...; It is saak dat ...

besykje en probearje

Besykje kin fjouwer betsjuttings hawwe: (1) in besyk bringe oan: De Fryske Akademy besykje; (2) straffe, treffe: Troch leed besocht wurde; (3) 'bejegenen met weldaden': De Heare hat my mei syn heil besocht; (4) 'proberen, trachten, pogen, beproeven': Ik sil it ris in wike besykje; Wy moatte it mar ris mei him besykje; It hegerop besykje; Eat op besykjen hawwe.

Der is ferskil mei *probearje*. Dat is in oar soarte fan 'proberen': (1) 'onderzoeken, een proef met iets nemen, op kwaliteit keuren': Ik haw de ierappels op probearjen (karre, keure); Ik haw de auto op probearjen (op proef). Asto it goed dochste, dan wol ik it mei dy probearje (en do moastst dan fansels besykje om it goed te dwaan).

As 'proberen' (2) 'wagen, het aandurven' (weagje, bestean) betsjut, dan wurdt *probearje* ek brûkt: do moastst it net probearje (weagje) en ferrifelje my; Asto it wer probearrest (weagest) (om) my út te skellen, dan is it net bêst. Der sit grif wat yn fan: Do moastst my net 'op 'e proef stelle'. Ferlykje ek it Dútske 'versuchen' en 'probieren', dat komt fierhinne mei it Frysk oerien.

betûft

De foarm 'betoeft' dy't Dykstra jout yn *Op 't aljemint*, komt yn WB-I net foar. Betûft is: *skrande, knap, skerp, fernimstich, snoad, (saak)kundich, tûk*.

bewege - ferwege

Bewege ûnderstelt oer it generaal in hanneljende persoan dy't eat yn beweging bringt. *Ferwege* slacht ornaris op it sels yn beweging wêze: Ik woe dy peal *bewege*, want dy woe fan himsels net *ferwege*. De blêden *ferwege*.

by need

Yn WB-I en II komt *by need* allinnich los foar. De betsjutting is 'desnoods'.

blier en boas

Blier sjen en *boas* wêze komt ornaris fuort út it aard fan in minske. It is in min ofte mear *bliuwende* eigenskip. *Bliid* en *lulk* wêze is almeast wat *tydliks*. In *boas* wiif kin ‘kwaadaardig’ en ‘ijverig, flink’ wêze. In *lulk* sin hawwe, giet wol wer ris oer. *Lilk* is net allinnich *lulk* (= ‘boos’), mar ek *ûnsjoch* (fan uterlik), ‘lelijk’. In *lilk* minske is dus ek it tsjinoerstelde fan in byldmoai frommeske.

bliuwe

As wy *bliuwe* brûke (wolle), is it altiten oppassen. Krekt as mei it tiidwurd *gean*. *Bliuwe* lit him goed ferbine mei de *rêsttiidwurden* *sitte*, *lizze*, (*be*)*stean*, *hingje* en *stykje*: *De wein bliuwt stean/stykjen*. In twivelder is *wenje*: *Hy bleau dêr tsien jier te wenjen*, liket ús better Frysk ta as de foarm sûnder ‘te’. Fierdersoan moat *te* der altyd tusken setten wurde: *Hy bleau de jûns te praten*; *Hy bliuwt dêr stean te wachtsjen*. As dat ek net mear kin, moat it Hollânske ‘blijven’ op in oare wize omskreaun wurde: ‘Zij bleef lachen’ wurdt bygelyks: *Hja gong (mar) troch* mei laitsjen/*Hja lake mar troch*. ‘Het blijft regenen’: *It hâldt (mar) oan mei* reinen/*It reïnt mar troch*. ‘Het blijft dooien (vriezen, regenen)’: *It bliuwt teiwaar* (froastich, reinich). Wat hat de Hollânske wjergader west fan: *Hy bleau oan ’t seuren*; *De bern setten troch mei* tekenjen; *Hy gong troch mei* skellen; *Hy wurke troch* oan njoggen oere ta?

boer

De *buorkerij* is it ‘boerenbedrijf’, it útoefnen fan it bedriuw (de aktiviteit) fan boer: *Gâns (in)*, in grutte, in lytse, wat, in bytsje *buorkerij* hawwe; *Hy sil yn ’e buorkerij* op (hy sil boer wurde).

In *boerepleats*, *pleats* of (*boere*)*spul(tsje)* is (1) it *gebou* (de ‘boerenhoeve’): De *pleats* (= it gebou) is fannacht ôfbaarnd. Of (2) it *lân* dat by it gebou heart: De *pleats* (= stikken lân) leit útinoar. Of (3) *gebou* + *lân*: De *pleats* is ferkoft; *Hja geane fan ’e pleats*.

Boere foar ‘een boertje laten’ is út Hollân oerwaaid en yn WB-I telâne kommen. Better is: (op)krôkje, opbrekke (WB-II).

1.3.5. Taalsoarch

It krewearjen om it Frysk sa suver mooglik te hâlden is yn de twadde helte fan de 19^{de} ieu begûn mei minsken as Waling Dykstra en Onno Harmens Sytstra. Al gau waard it tal frisiasten en frisisten dat har dêrmei dwaan hold, grutter. Se diene dat almeast yn de foarm fan it skriuwen fan grammatika’s, artikels yn tydskriften of yn de foarm fan taaleigenboekjes. Hiel wat ynformaasje is te heljen út A. Dykstra & R.H. Bremmer Jr, *In Skiednis fan ’e Fryske taalkunde* (Ljouwert: Fryske Akademy, 1999). S.T. Hiemstra skreau dêr in haadstik yn oer ‘De taalnoarm’ (hdst. XIII, s. 242-279). Yn de literatueropjefte fan dat haadstik is hiel wat te finen oan titels op it mêd fan de taalsoarch en de taalnoarm.

1.3.6. Waling Dykstra en Onno Harmens Sytstra oer ûnfrysk en taalrykdom.

Waling Dykstra jout yn ‘Onfrysk’ (*Sljucht en Rjucht*, 1890, s. 140-141) gâns foarbylden fan ûnfrysk. Inkelde foarbylden [omstaveren en hjir en dêr wat standerdisearre]: “ ‘Rinske herhelle’, Holl. *Rinske hernam*, hja fette ’t wurd wer op, hja sei wer: ... Herheljen wurdt yn ’e folkstaal al brûkt, mar dan efkes oars. ‘Hy herhelle dat al ris wer’, hy begûn al wer ris oer datselde te praten. Better Frysk is: ‘Hy kaam dêr al wer ris mei del’ of ‘foar ’t ljocht’. Ek: Hy ikkere dat al ris wer op.’ ” [...]

“ ‘Ofmeitsje’ foar ‘deameitsje’ is yn ’e moade komd troch de longsykte ûnder de kij. In ko dy’t in gefaarlike kwaal hat, wurdt ‘ôfmakke’, Holl. *afgemaakt*, en komt de slachter op ’en baan mei in ko dy’t oppronke is mei krânsen en blommen, dan seit in Fries: ‘Dy ko is moai ôfmakke.’ - Is in ding wakker opsierd, bygelyks mei benaaisels, mei snijwurk, of skilderwurk, dan is ’t ‘nuvere moai ôfmakke’. Men seit ek: ‘It is mei jildútjaan ôfmakke’ - ‘mei rinnen en draven ôfmakke’ ensfh. Dan is der, nei jins sin tefolle jildútjaan, - tefolle rinnen en draven oan in saak fêst - ‘Klaas syn praat is mei grutsprekken ôfmakke. - Tryn is in mislik wiif, ’t is altyd mei kleien en kliemen ôfmakke, = *opgeluisterd*. Fierder is ‘ôfmeitsje’: in stik wurk foargoed dien meitsje, it lêste deroan dwaan, - en ek: [...] skreppe om mei ’t wurk oan ’e ein te kommen. Ek: in skeel besljochtsje. Immen hat, ta neidiel fan in oar, wat dien dat strafber is neffens de wet. Mar hy wol de saak net leafst foar ’t rjocht ha; dêrom giet er nei de oare ta en seit: “My tocht, wy moasten dat mar ‘ôfmeitsje’” - mei-inoar skikke. - ‘Ofmeitsjen’ yn de betsjutting fan deameitsjen is gjin Frysk. In echtfryske menear fan sizzen is: ‘dea dwaan’.”

Waling Dykstra skriuwt 13 jier letter ‘Wer ris hwet oer Frysk en Onfrysk’ (*Sljucht en Rjucht*, 1903, s. 189-191): “ ‘Ik fyn dit goed en dat beroerd’. ‘Ik fyn dat jo mis binne’. ‘Dat fyn ik moai en dat fyn ik mâ!’ En sa jit folle mear - It mei my tinke, dat wy yn ’t platte lân al dat finen earst fan stedlju kamen te hearren en dan seine wy: ‘Wat fine dy lju in boel.’ - By ús wie ’t altyd: ‘Dat achtsje ’k goed of net; dat neam ik beroerd; dat tinkt my bêst; dêr kin ’k gjin moais oan

sjen' – en sa rêden wy ús hast altyd sûnder finen. Mar wy seine doe al: 'Finen is ek wolris stellen', en ik leau sikerwier, dat de fynders wolris wat út de frjemdte stellen ha." [...]

"Uteringen dy't al hielendal net dulde wurde meie, binne 'Fan út it wetter opriizjen komme' [*fan út* is ûnfrysk]. [...] 'Fan ôf de fyfte rigel', foar: Fan de fyfte rigel ôf' - '*Van af*', dêr't dit 'fan ôf' in nei-aapsel fan is, is ek al gjin moai Hollânsk. -, 'Litte wy dêr ris by sjen', foar: 'Lit ús dêr, ensfh. – 'Ik doar te sizzen', foar 'Ik doar sizze', - 'Ik doar 't net te weagjen' foar: 'Ik doar 't net weagje'. 'Ik bin 't net fergetten,' seit in goed Fries net; altyd: 'Ik ha 't fergetten' of: 'It is my fergetten'. Dat dit beide net alhiel itselde is wit elke goe-Fries." [...] "Flústerjen foar lústerjen – ek al fan 'e Hollanners oernomd, ha de Fryske skriuwers as fiers te hiem."

Dykstra syn foarbylden binne hjoed de dei almeast ek noch fan belang; bgl. 'vanuit': *út* ... [it wetter] *wei*; 'vanaf': *fan* ... [acht oere] *ôf*.

Onno Harmens Sytstra skriuwt oer 'It Frysk tsjinoer it Hollânsk' (*Forjit my net!*, 16^{de} boek, 1886, s. 187-192). Hy bringt û.o. it plak fan it *helptiidwurd* op it rabat (wy hawwe syn taalgebrûk wer omstaveren en hjir en dêr wat standerdisearre): Hy seit it net witten hawwe; Wy hawwe it net dwaan kinnen. Of it brûken fan *hawwe* as helptiidwurd: Wy ha west; De jonge gûlde, hy hie fallen.

Yn in artikelsje oer 'Tael-rykdom' (*Forjit my net!*, 18^{de} boek, 1888, s. 91-93) komt er op de eangst fan lju om âlde Fryske wurden te brûken. Soks liedt gauris ta it ferknoeien fan it Frysk. De minsken soene better gebrûk meitsje moatte fan de grutte taalrykdom fan it Frysk. Hy jout in rychje wurden om foarmen fan *gean* ('rinnen') mei oan te tsjuten: *gean, rinne, traapje, kuienje, drave, hippe, bokselje, poatsje, wâdzje, trêdzje, sjouwe, kroadzje, fiterje, toffelje, hompe, hippelje, drafkje, sukkelje, sile, stowe, hinkje, trobbelje, panderje, peazgje, skonkje, pesjantelje, jachtsje, wjukkjelje, fottelje, dangelje, sjuttelje, doarmje, teantsje, stappe, sjokke, strûze, wraggelje, fleane, útpykje, útpjukke, útsnije*. Itselde docht er mei *sjen*: *dikerje, stoarje, mikke, loere, kypje, fierkje, gluorkje, eagje*. Fierders *sjocht* men faak: *soer, taai, swart, noartsk, skilich, skean, fluensk, nuet, dimmen*, ensfh.

1.4. Eigen wurk (± 30 min.)

It lêste part fan de les wurdt (yn twatallen of groepkes fan 3 à 4 persoanen) bestege oan it lêzen en behoffenjen fan inoars teksten. Alle kearen wurdt yn in groepke it wurk fan guon kursisten besjoen en yn dat groepke behoffene. Troch in (yntinsive) ûnderlinge diskusje kin men faninoar leare. De skriuwer fan in tekst soarget foar genôch kopyen. Yn de groepkes wurde minsken gearbrocht mei in ferskillende begjinsituaasje wat de behearsking fan it Frysk skriuwen oanbelanget. Wurdboeken en alle oare mooglike boarnen kinne brûkt wurde.

De lesjouwer jout begelieding, besjocht (thús) de orizjinele en bewurke teksten jitrin en jout suggestjes foar (mooglike) ferbetterings.

Yn de folgjende les komme plenêr alle behoffene teksten wer op it rabat as dêr reden ta is.

1.4.1. Opdracht eigen wurk

Foarmje in groepke. Besprek en ferbetterje ien of twa teksten.

Leverje nei ôfrin de besprutsen en/of bewurke teksten yn by de lesjouwer.

Korreksjebleden opdrachten les 1

1.1.1. Staveringsopdracht

Korreksje: fideo, falide, ynvalide, tillevyzje, resu, prosint, sjoernalist, faze, resjerzje-apparaat, fertrêdzje

1.1.3. Staveringsopdracht

Korreksje: foltiizje (dûns op in strak spand koarde; it swinken op in fjouwerjend hynder); longfolume, ynverzje, revyzje, advertinsje, ynventaris, yntervinsje, devaluaasje, revalidearje, sitaat, sivyl, klisjee, kolleezje, maneezje, rezjy (ek: regy), stratezjy (ek: strategy), sjeny, boerzoisy, offisjeel (**offysjeel* is ferkeard!), nasjonale, ôfstofje, sweevje, fidúsje, kolleksje, presyzje, konverzje

1.3.2. Opdracht meartalsfoarming

Utwurking:

1. pakes/paken; beppes/beppen; de útgong op *-n* foldocht it bêste oan de grûnregel.
2. wurden op *-ling*: learlingen, âlderlingen, twillingen (twiljen), nijelingen, flechtlingen, sindelingen, sûnderlingen, ynkommelingen, fjemdlingen, bekearlingen; tsjillingen /tsjillings ('talingen')
3. *ferklearrings* en *tsjillings* (distânsjemotyf)?
4. stoarms/stoarmen; helms/helmen; stoarms en helms (distânsjemotyf)?
5. (trije) *bern*, *skiep*, *kij*, *dagen*; It Frysk hat in mannich wurden dy't yn it meartal nêr neffens de grûnregel foarme is. It giet om wurden foar begripen dy't meast yn it meartal as kollektyf foarkamen en dy't op sa'n foet it âld meartal bewarje koene: *bern*, *skiep*, *earte(n)*, *beane(n)*, *kij*, *gies* (guozzen) of in *dûbeld* meartal krigen hawwe: *learzens*, *boeiens*, *redens*, *gebedens*, inkeld mei in werstrukturearre iental: treppen – treppens njonken trep – treppen.
6. treppens (meartal) – treppen (iental); treppen (meartal) – trep (iental); wolkens (meartal; 'salang't de wyn fan de wolkens waait') – wolken (iental; 'in frommes as in wolken'); wolken (meartal) – wolk (iental)
7. leppelfollen, weinfollen, ensfh.; Hollânsk: 'lepels vol, wagens vol', ensfh.
8. *daam* – *dammen*; *kaam* – *kammen*; *rôt* – *rotten*; *hân* – *hannen*; *lân* – *lannen*; *hûs* – *huzen*; *lûs* – *luzen*; it *lange* of it *rutsen* lûd ferkoartet yn it meartal
9. *skip* – *skippen*; *smid* – *smidden*; *skot* – *skotten*; *slot* – *slotten*; [*lot* - *lotten*]; *ferdrach* – *ferdragen*; (*oan*)*slach* – (*oan*)*slaggen*; *oarloch* – *oarloggen*; It Hollânsk hat by foargeande gefallen rekking fan it stamlûd en it Frysk net. Holl.: *schip* – *schepen*; *dak* – *daken*; *bedrag* – *bedragen*; *smid* – *smeden*; *lid* – *leden*; *gat* – *gaten*; *schot* – *schoten*; *oorlog* – *oorlogen*, ensfh. In Hollânske *rutsen* fokaal fine wy yn it Frysk bgl. yn ynboargere meartalsfoarms as *dagen* (dei), *wegen* (wei), *gebedens* (gebed). Meartal fan *lid*: *lidden* ('deksels, oogleden'); *leden* ('deel van lichaam; gewricht; penis; wie deel uitmaakt van een kring, vereniging (*tsjerkeleden*), enz.; paragraaf van een wetsartikel: *kêst acht lid trije*').
10. Yn it Frysk wurde wurden as *doktor*, *radiator*, *eksaminator* almeast redusearre ta *-er*. De meartalsútgong is neffens de grûnregel *-s*: *radiaters*, *professers*, *dokters*, *moters*, *menters*. Dat liket de bêste standertfoarm. De foarm dy't útgiet op *-oaren*, kin mar it bêste skoudere wurde.